



JIERFERSLACH KRÚSPUNT 2021-2022

Gearstalling bestjoer:

Sipke Huismans, foarsitter	Kwartettekoor
Geart van der Heide, skriuwer,	Yntertsjerklike Kommissje Fryske Earetsjinst
Piet Miedema,	Administraasje, ponghâlder, webstee (demisjonêr)
Geart Bruinsma	Deputaatskip Fryske Earetsjinsten Frijmakke Tsjerken
Johannes Bakker	Kristlike Fryske Folks Bibleteek
Jan van der Mark	Ferbân fan Fryske Foargongers
Martha de Boer - van Slooten	Yntertsjerklike Fespertsjinsten Ljouwert
Tryntsje van der Veer	Nijkleaster (moat neffens karbrief noch troch de stipers goedkard wurde, mar draait alfêst wol mei yn it bestjoer)
Liuwe Westra	Nijsjager (taheakke oan it bestjoer)

Krekt as yn 2020 waard it libben yn Nederlân en dus ek yn Fryslan yn 2021 behearske troch it koroana firus. In Kúspundeit siet der net yn en in part fan de gearkomsten fan it bestjoer fan Krúspunt dy't op de wurklist stiene binne net trochgien. Yn 'e rin fan it jier waard it allegearre wat rommer en hat it bestjoer wer byinoar west. In pear fan de saken dy't besprutsen binne:

- De tsjerketsjinsten op Omrop Fryslân. Eefkes like it derop dat Krúspunt in oandiel hawwe soe yn de organisaasje mar dat bliek sa net te wêzen: de kommissje kin it skoan sûnder de help fan Krúspunt oan. Wol is der krityk op it brûken fan it Frysk yn de tsjinsten: dat hâldt net oer. Dat jildt ek foar de Fryske tsjerkedei dy't op 24 oktober op 'e Jouwer hâlden is. Yn de oankundiging foar dy dei wurdt gjin Frysk brûkt of in Frysk ûnderdiel neamd.

- De Bernard Smilde-priis. Der wurdt oan tocht om de Bernard Smilde-priis in oare foarm te jaan mar dat hat noch net ta in útsprutsen nije foarm laat.

- Yn augustus binne yn de RK Martinitsjerke fan Snits fiif lieten opnaam út de bondel *Lieten fan leauwe en langstme*. De lieten binne songen troch pastoar Peter van der Weide en ds. Geart Bruinsma, dêrby begelaat op it oargel troch Geart van der Heide. De opnamen binne te belústerjen én te sjen op it webstee fan Krúspunt.

- As it bliken docht dat der in ein komt oan de pandemy wurdt besletten om yn april 2022 wer in Krústpundeit te hâlden. Om't it yn jannewaris 100 jier ferlyn wie dat Bernard Smilde berne waard sil der op dy dei rom omtinken foar him wêze.

Surhústerfean, 19 maart 2022

Geart van der Heide, skriuwer